

De Fryske Akademy is in multydisziplinêr ynstitút foar de geastes- en sosjale wittenskippen, dat him rjochtet op de kasus Fryslân. De Akademy bestudearret prosessen yn it Frysk, meartaligens, skiednis en regionale identiteit yn no en it ferline. As sadanich docht de Fryske Akademy fûneminteel en fernijend ûndersyk mei in direkt maatskiplik nut. De Akademy leveret fernijende wittenskiplike prestaasjes en ûntwikkelet digitale ûndersyks-ynstruminten en kolleksjes, dêr 't er de Fryske kasus foar it regionale, lanlike en ynternasjonale fuotljocht bringt. Dêrby wurket er gear mei ferskate nasjonale en ynternasjonale ynstututen. De Fryske Akademy is learre oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) te Amsterdam.

It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen is ûnderdiel fan de Fryske Akademy. It is in platfoarm foar minderheidstalen yn Europa en rjochtet him op opdwaan, fersprieding en tapassing fan kennis en docht dêrta ûndersyk, ûndernimt ferskate aktiviteiten en fiert projekten út.

Foar it Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartalichheid en Taallearen sykje wy in

Undersyksmeiwurker

(0,8 fte / 30,4 oeren p/w)

Taken

- Meiwurkje oan besteande projekten bygelyks op it mêd fan de online sichtberens fan froulju út minderheidskultueren
- Meiwurkje oan nije projekten bygelyks op it mêd fan de oerdracht fan minderheidstalen en -kultueren troch storytelling yn in modern jaske
- Meiwurkje oan ûndersyk op it terrein fan meartaligens en taallearen (regionaal en ynternasjonaal)
- Yn gearwurking mei ynternasjonale relaasjes skriuwen en redigearjen fan Regionale Dossiers
- Yngongsetten en útfieren fan nije projekten op it med fan meartaligens & ûnderwiis
- Yn tiimferbân organisearjen fan kongressen en seminars
- Mei-skriuwen oan artikelen foar nijsbrieven.

By dizze funksje leit de klam op it redigearjen fan Regionale Dossiers en in tal nije projekten dy't meast in ynternasjonale kontekst hawwe.

Funksje-easken

- Universitêre of HBÛ-oplieding op it mêd fan taal, meartaligens en/of ûnderwiis, eventueel kommunikaasje & ynformaasje mei dúdlik ynteresse foar taal en ûnderwiis
- Underfining mei ûndersyk en projektmjittich wurkjen
- Bekend mei autochtoane minderheidstalen en ûnderwiis
- Kennis fan en affiniteit mei kultueredukaasje foar jongerein is in pree
- Tige goeie redaksjonele feardigens yn it Ingelsk
- Beskikke oer goeie sosjale en kommunikative feardichheden
- Selsstannich wurkje kinne
- Behearsking fan it Frysk yn skriuwen en sprekken

Oanstelling

De oanstelling is tydlik, foarearst foar in jier. Ofhinklik fan oplieding en wurkûnderfining is it salaris by in folslein tsjinstferbân op syn meast € 3.764,- smoarch yn 'e moanne (UFO-profyl ûndersyksmeiwurker nivo 3, skaal 8, cao Nederlandse Universiteiten), eksklusyf 8% fakânsjejid en 8,3% ein fan 't jier-útkearing.

It wurkplak is op de Fryske Akademy.

Ynljochtings

Mear ynformaasje oer de funksje-ynhâld is te krijen by Cor van der Meer, projektmanager, tel.: 06-41338799, email cvdmeer@fryske-akademy.nl.

Websites: www.fryske-akademy.nl en www.mercator-research.eu.

Sollisitaasje

Gadingmakers kinne in motivaasjebrief mei C.V., foar 25 maart 2023 stjoere oan dhr. Anne Mulder, HR-adviseur: wurkje@fryske-akademy.nl; û.f.f. 'Mercator 2023'.



KONINKLIJKE NEDERLANDSE
AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN